

Ynhâld

Redaksjoneel

Josse de Haan

Ynlieding op de Baskyske literatuer

Bart Kingma

In fantastysk feest

John Bosma

Txoriatxori (In fûgel is in fûgel)

Gabriel Aresti

It hûs fan ús heit

Bernardo Atxaga

In Finske dei

Joseba Sarrionandia

*De minotaurus sprekt
Werom nei hûs*

Itxaro Borda

Patmos dream

Miren Agur Meabe

Notysjes oer it opkearen fan geheugenferlies (2)

Kirmen Uribe

Sis it mar net

Beatriz Chivite

Limbus of grinzen fan tiid

Syds Wiersma

Bio's Baskyske dichters

Maite Gonzalez Esnal

Indiano-Enea

Margreet de Jong

Understeboppewrâld

Gerard Marcel de Jong

'At se soa lâns rije, dan wete wij genog'

Eneko Aizpurua en André R. Looijenga

In Baskysk-Frysk petear

Sigrid Kingma

Ynbyld: Abstraksje ferwurde

Geart Tigchelaar

Leafde, seks, blautsjes en alles dat it bestean lichter makket

John Reeder

Wekkerfleane

Moandeitemoarns

Syds Wiersma

Tableaus fan rou

Oene Spoelstra

Werom

Redaksjoneel

Dit is it lêste nûmer fan de jiergong 2017, mar jo krije it no pas. By it ôflizzen fan it einredaksjonele trajekt kealle it spitigernôch swier. Us ferûntskuldigings oan de eksterne meiwurkers oan dit nûmer en oan jo lêzer.

TEMA: BASKYSKE LITERATUER

Dit nûmer is foar in grut part wijd oan de Baskyske literatuer, dy't nei de Franco-tiid yn Spanje (1939-1975) in grutte flecht nommen hat. Oer dy Franco-tiid seit de jonge skriuwer Eneko Aizpurua: 'De diktatuer fan Franco wie in ferskriklike perioade foar de Basken yn alle opsichten. Jierrenlang bestie der ûnderdrukking, eangst en finzenskip. Mar op itselde momint groeide troch dy repesje ek it bewustwêzen oangeande de eigen taal en kultuer.' Aizpurua wie yn novimber yn it ramt fan it útwikselingsprojekt *Oare Wurden/Other Words* seis wike yn Fryslân te gast. Yn dit nûmer stiet in petear tusken him en *Ensafh*-redakteur André Looijenga. Eneko Aizpurua hat him ek ynset foar dit *Ensafh*-nummer troch Syds Wiersma by te stean by it oersetten fan de Baskyske poëzy. Nêst poëzy is ek in fragmint opnommen út Maite Gonzalez Esnal har boek *Viajes, frutas, barrios* (2014), dat yn 2017 ek yn it Ingelsk, *Journeys, Fruits, Neighbors*, útkommen is.

Josse de Haan, wenjend yn Hendaye yn Frânsk Baskelân, op 'e grins tusken Frankryk en Spanje, hat foar dit nûmer in wiidweidige ynlieding op de Baskyske literatuer skreaun. Hy lit moai dúdlik sjen hoe breed en djipgeand dy literatuer him ûntjûn hat. Unfoarstelber eins, mar dat hat fansels te krijen mei it feit dat Baskelân in ekonomysk machtige regio yn Spanje is, nêst de Franco-tiid en de opkomst fan de ETA (oprjochte yn 1958), in beweging dy't nei de Franco-tiid trochgong en sawol stimulearjend wie as ûnderdrukkend.

Om de opgong fan de Baskyske literatuer te yllustrearjen neamt De Haan de roman *Obabakoak*. Hy skriuwt: 'Yn 1988 ferskynde de Baskyske topper *Obabakoak* (*It Guozzeboerd*), skreaun troch Bernardo Atxaga (1951). It boek is oersetten yn it Spaansk troch de skriuwer sels, en dêrnei yn in goeie tweintich talen ferskynd (Nederlânske ferzy yn 1992 by Nijgh en Van Ditmar)...Dit boek fan Atxaga hat in grutte stimulâns west foar Baskyske skriuwers, en benammen doe't it de grutte Spaanske literatuerpriis krige...Yn 2017 kin fêststeld wurde dat de Baskyske literatuer meidwaan kin yn de wrâld. In 20-tal romans binne de lêste jierren yn it Ingelsk, Spaansk, Frânsk en Dútsk oersetten.'

Behalve Syds Wiersma, dy't dêrnêst bio's oer de dichters gearstalde, hat ek Janneke Spoelstra soarge foar in oersetting fan in Baskysk gedicht.

Bart Kingma en Gerard Marcel de Jong wiene yn 2017 yn Baskelân yn it ramt fan it projekt *Oare Wurden/Other Words*. Foar dit nûmer hawwe se beide de delslach levere fan in sprekkende ûnderfining.

REGULIER

Dit nûmer befettet ek regulier wurk.: poëzy fan Syds Wiersma en debutant John Reeder, proaza fan Oene Spoelstra en poëzybesprekken troch Sigrid Kingma en Geart Tigchelaar.

REDAKSJEGEARSTALLING

Ensafh hat der in nije redaksjelid by: Greet Andringa, dy't earder al in tal jierren sit yn de redaksje hie.